

ynsjocheksimplaar

MAIA EN HAR FREONEN

MAIA EN HAR FREONEN

Dizze útjefte is ta stân kaam yn gearwurking mei de Fryske útjouwers:

Afûk	www.afuk.frl
Audiofrysk	www.audiofrysk.nl
Bornmeer	www.bornmeer.nl
DeRyp	www.utjouwerij-deryp.nl
Elikser	www.elikser.nl
Grotesk	www.grotesk.site
Het Nieuwe Kanaal	www.hetnieuwekanaal.nl
Hispel	www.hispel.nl
Louise	www.uitgeverijlouise.nl
Regaad	www.regaad.nl
Wijdemeer	www.wijdemeer.nl

mei stipe fan:

Provinsje Fryslân
Drukkerij Van der Eems
Douwe Kalma Stifting
Stifting FLMD
Ried fan de Fryske Beweging
Fûûns fwar it Frysk
Arjen Witteveen Fûns

De opbringst komt te'n goede oan UNICEF - Oekraïne

Tekst © 2017 Larysa Denysenko
Yllustraasjes © 2017 Masha Foya
Foar it earst útjûn yn it Oekraynsk troch útjouwerij Vydavnytstvo út Kiev,
Oekraïne, www.vydavnytstvo.com

Fryske útjefte © 2022 Boeken Fan Fryslân, www.boekenfanfryslan.nl
ISBN 978 94 93159 84 6
NUR 274

OERSETTING	Tialda Hoogeveen
OPMAAK EN BYLDBEWURKING	Johan Bouwhuis
PRINTWURK	Drukkerij Van der Eems

Neat út dizze útjefte mei hoe dan ek fermannichfâldige wurde sûnder dat dêr
skriftlike tastimming fan de útjouwer oan foarôfgiet.

Larysa Denysenko · Masha Foya

oersetting: Tialda Hoogeveen



Myn namme is Maia. Dat is wichtich!
Neam my asjebleaft net Maaie, want
maaie is in moanne en ik bin in mins ;))
Soms neame minsken my Maaie of Mimi.
Mar allinnich freonen of âlden meie dat,
of as ik dy echt hiel leuk fyn. Dus, wat is
dyn namme?

Ik hâld fan katte-earen op myn holle,
de kleur grien, makaroany en tsiis.
En fan kninen en mopshûnen. En ek
fan heksepoppen en simmer. En fan
wettermeloenen! Leafst in hiele protte.
En do? Wêr hâldsto fan?

Ik sil nei groep fjouwer. Wy sitte mei
santjin bern yn 'e klasse! Meastal kinne wy it
hiel goed mei-inoar fine. Hoewol't wy soms
fjochtsje. En rûzje meitsje. En grappen
meitsje. Of kliere en kleie. Allegear tagelyk
of ien foar ien. Of ús ergerje oan ien of oan
elkenien.

En sa no en dan
hat de 'tranda' ús
te pakken! Juf Julia
hat dit wurd sels
betocht. Sa neamt sy
it as wy te wyld binne,
of just te lui en neat dwaan
wolle ;) Hasto dat wolris
hân? It iennichste dat helpt om
de 'tranda' te ferslaan is laitsje,
grappen meitsje en moaie ferhalen
fertelle, grizelich of gek.





SOFIE EN SILKE

Sofie is ien fan myn bêste freondinnen. Wy neame har Sofie de Earste. Dat komt omdat wy mei trije Sofies yn 'e klasse sitte en it kin in grut probleem wurde ast dêr net goed mei omgiest. Want dat kin in fikse Sofietizeboel feroarsaakje.

Sofie de Earste hat in twillingsuster dy't Silke of Silky hjit.

Der waard sein dat it reagearbuisbern wiene, mar juf Julie fertelde dat Sofie en Silke krekt itselde binne as wy.

Al wist ik dat al lang. Want myn freondinne is de echtste dy't der is!



Net alle âlden kinne sels bern krije. De heit en mem fan Sofie en Silke koene dat net. Dus lieten se harren helpe troch dokters. Der waard in aisel fan de suster fan harren mem brûkt, sadat Sofie de Earste en Silke berne wurde koene. En in man joech syn sperma. O, mar hy is undercover, as in echte geheime plysje! En allinne de dokters witte wa't hy is.

Juf Julia fertelde ús dat dizze minsken, dy't oaren helpe bern te krijen, donoaren neamd wurde.



SOFIE DE TWADDE

Earst woe Sofie de Twadde ek Sofie de Earste wêze, mar dan soene wy mar yn 'e war reitsje! Sofie de Twadde hat in heit en twa memmen. Se wennet by har heit en de twadde mem, wylst har earste mem nei in fier lân gie. Nei Australië. Dat is in apart lân-kontinint, in eilânlân. Sofie de Twadde neamt har twadde mem noait in styfmem. Omdat yn mearkes styfmemmen freeslik en gemien binne, wylst har twadde mem hartstikke aardich is.

